

Laudatio Eeltsje Hettinga fanwegen syn Gysbert Japicx-priis 2021

Oan my as fertsjintwurdiger fan de Fryske Akademy de eare om in laudatio út te sprekken foar Eeltsje Hettinga. Hy kriget de Gysbert Japicx-priis foar de gedichten dy't er skreau yn syn funksje as 'Dichter fan Fryslân' tusken 2017 en 2019. Hy fertsjinwurdige Fryslân yn it romrofte jier 2018 dat Ljouwert / Fryslân kulturele haadstêd fan Europa wie.

Hoe sille wy him priizgje, dy't de namme hat te wêzen in 'enfant terrible' fan de Fryske literatuer? Wy priizgje him om deugden dy't er sels yn eare hâldt. Ik kies trije út:

- De leafde foar it moaie fan taal
- De leafde foar gerjochtichheid
- De leafde foar it frije wurd

Eeltsje Hettinga hâldt fan taal, fan smoute taal, fan moaie útdrukkingen, fan de Fryske taal. Hy fielt him thús by klankrikens, klankrynskens, by rym en alliteraasje. Yn syn gedichten kin men gauris moaie sinnen oanwize, dy't de spiker op de kop reitsje. Nim in firtuoze fraze as dizze út it gedicht *Au Musée*:

*de taal op wei
nei it Musée,
it stee Persephoné*

Yn it boartsjen mei taal is Hettinga de firtuoos dy't him frij as in fûgel fielt, en frijheid is ien fan syn wichtste tema's. Mar harkje no nei in oare fraze mei in mear morele ynslach, harkje nei de neikommende rigels út it gedicht *Fat Man's tsjusternis 090845*:

*O, sottteklok Gods, nea net fier de hân
op de atoomknop. Bâts. Wat in feest.
Tsjuster de kweade kelders fan de geast.*

Want wichtiger as de rykdom en rynskens fan rym en alliteraasje is de morele ynhâld fan syn poëzy. Fansels is by him it Camusiaanske postmodernisme mei syn sinliddigens en syn frijheidswang oanwêzich, sa't wy dat as moderne minsken allegear fielle, as minsken dy't mear fragen as antwurden hawwe. Karakteristyk is lykwols dat yn Eeltsje Hettinga de dichter gauris de oanklager wurdt dy't it machtsmisbrûk fan 'e machtigen, mei wurden, yn it deiljocht stelt en as rjochter de feroardieling útsprekt: syn tema is alsa gerjochtichheid. Soe in oare dichter fan Fryslân as Hettinga de moed hân hawwe om in gedicht te skriuwen oer de moard op Malta, de moard op de Maltese sjoernaliste Daphne Caruana Galizia? Valletta, de haadstêd fan Malta, wie ommers de susterstêd fan Ljouwert as kulturele haadstêd. De titel fan it gedicht oer dy moard is "Malta de opblaasde dei", en ik helje dêr de rigels út dy't de oanslach beskriuwe:



*Ien inkelde bom blies in auto
beneistenby de bergen oer, swart-
ferbrând wie de tonge dy't Malta's
maffia it fjoer oan 'e skinen lei.*

Yn in ynterview mei de Ljouwerter Krante seit Hettinga dêroer:

*It gedicht joech grutte beroering. Rûnom yn Europa waard it oppikt, mar yn Fryslân bleau it
'oorverdovend stil'. Ut de ynstitúsjes wei waard neat sein.*

It duorre in skoftke ear't it gedicht fan Hettinga troch de PR-oerwagingen en it opleine positivisme om Kulturele Haadstêd hinne brekke koe. Dat meie wy ús oanrekkenje. En wy hoege ek net te tinken dat Malta in korrûpt lân is en Nederlân net, want nei de taslachaffêre en de moarden op Peter R. De Vries en advokaat Derk Wiersum binne wy as Nederlân en Fryslân wier net better as Malta. En dizze oerwagingen bringe ús werom by it tema gerjochtichheid, ien fan Hettinga syn karakteristike en weromkommende tema's.

In oar tema yn Hettinga syn poëzy is de frijheidsdrang. Frijheid fan sprekken is foar Hettinga tige wichtich, net inkeld nei de foarm, om mei taal en idioom te boartsjen, mar ek neffens de ynhâld. Sadwaande skriuwt er ek in gedicht foar de Sineeske dissidint Ai Weiwei, in held fan it frije wurd. Ik helje de earste twa rigels oan:

*Swij do, swij, Ai Weiwei, swij! Sis, wa skonk dy it frij en
lit dyn heit, de oerheid, de bleate kont fan 'e keunst sjen?*

No binne frijheid en gerjochtichheid tsjinoerstelde driuwfearren. Frijheid wisket grinzen út, gerjochtichheid leit grinzen fêst, en dy spanning sjogge wy werom yn de poëzy fan Hettinga, mar ek yn diskusjes om it frije wurd hinne: de konsensus is hjoeddedei dat men lang net alles sizze mei wat men tinkt. De priis dy't wy dêrfoar betelje, is dat wy no in bubbelkultuer hawwe fan rûnten dy't inoar neiprate, as holle echokeamers fan 'e geast, en elke miening bûten de bubbel sûnder genede feroardielje. Oer dit tema helje ik noch twa rigels fan Eeltsje Hettinga oan, út *Nachtspraak*:

*De hate tsjin alles wat oars is, do
frjemdling dy't net foldocht oan har moares.*

Elkenien is in frjemdling wurden bûten syn eigen bubbel, mar it slacht op it foarste plak op de frjemdlingen út oare lannen fansels. Sa komme yn de poëzy fan Hettinga de utersten fan frijheidsdrang en gerochtichheid byinoar en bringe ús, as it goed is, ûnder it jok fan minsklikheid, in minsklikheid dy't op allegear fragen gjin antwurd jaan kin, mar dy't him omskriuwe lit mei de lêste rigel fan it gedicht "Net te beteljen".

Yn dat watsto joust, bisto dat watsto hast.



En dat is it lêste wat ik yn dizze laudatio sizze woe oer Eeltsje Hettinga en syn poëzy, oer de Gysbert Japicx-priis en oer dizze gearkomste: *Yn dat watsto joust, bisto dat watsto hast.*

Eric Hoekstra, Fryske Akademy, Ljouwert

